Ik hoorde eens een andere stem. Die stem zei: “En ik dan?” Het was mijn overgrootvader, die om aandacht schreeuwde midden in een lange, koortsachtige nacht. Zelfs nu kan ik zijn nukkige mond in het donker zien als een natte bloem die de vormen van de geluiden maakt: *E-N I-K D-A-N?*

Het is moeilijk om zijn stem te horen door het stof van de tijd. Die is verflauwd door alle deeltjes van de geschiedenis die in onze atmosfeer zijn geblazen. Ik kan nauwelijks iets horen door de wazige laag van decennia en weken en uren.

Hoe kan ik iets weten over twee dode mensen die lang geleden zijn begraven? Ik kan de botten opgraven, ze afstoffen, ze oppoetsen met olijfolie en een witte doek en ze laten spreken.

Ik zou eerst de botten moeten vinden.



het gezicht van overgrootvader op een boodschappentas



overgrootmoeder, gekleed als romeo hebben ze me verteld.



een oude bikkel

OER DIZZE TEKST

Dizze publikaasje bestiet út de earste goed tweintich siden fan Eleni har yntime meditaasje oer foarâlden, rituelen, queerskiednis, performance, en de poëtyske konstruksje en it op 'e nij foarmjaan fan in argyf. De auteur giet nei Delphi om wer yn ferbining te kommen mei har oerbeppe, Eva Palmer Sikelianos, dy't yn 1927 mei in groep fan dichters, dûnsers en keunstners de âlde festivals yn Delphi nij libben ynblies.

Leah moete Eleni yn Mexico-Stêd, op de jûn dat *Memory Rehearsal* publisearre waard (City Lights, 2026). As in útgongspunt foar ús nije rige, freegje wy: Hoe soene it eardere en hjoeddeistige Delphi en it boskige plattelânslânskip om Keunsthûs Syb hinne paad meitsje kinne nei kollektive geografyen en de libbens dy't dêr libbe waarden en wurde?

FY

Unthâldrepetysje troch Eleni Sikelianos
Oersetting troch Janneke Spoelstra




Yn it begjin wie der in frissel en as se neilitten hie om dy om ’e holle te binen, dan hong dy har efter op ’e rêch en fage dy de grûn, as se troch de strjitten fan New York of Bar Harbor of Parys of Athene rûn.

Oan ’e ein kaam der in kloft freonen en doarpsminsken byinoar by de yngong nei Delphi, dy’t skriemend wachten op har stoflik omskot. Immen lei in granaatapel yn ien fan har hannen en trije boskjes weet yn ’e oare, dat se wat te iten hawwe soe op har reis dêrûnder. Immen oars lei har, neffens âlde gewoante, op beide eagen in gouden munt.


Lokkich is sy dy’t de Mysteriën sjoen hat.

Haadrollen

Evelina Palmer (1874–1952)
Natalie Barney (1876–1972)
Sappho (likernôch 630–570 f.Kr.)
Angelos Sikelianos (1884–1951)
Penelope Duncan, famkesnamme Sikelianos (1882–1925)
Raymond Duncan (de man fan Penelope 1874–1966)
Glaukos (Glafkos) Sikelianos (1909–1994)
Jon Sikelianos (1945–2000)
Ik (berne yn 1965)
Prometheus
Io
Argyf- & famyljefoto’s
Brieven
Leafsten



Ek op it toaniel komme



Mem, hjir sûnder namme
De leafste (L)
Freon K
Isadora Duncan (1877–1927), suster fan Raymond
Eva Sikelianos Hunt (berne yn 2005)
Koula Pratsika, koarlieder
Khurshed Naorji (ek stavere as Khorshed, 1894–1966)
Yiannis Tsarouchis (skilder en dekôrûntwerper)
Omkes en muoikes
Krêft
Geweld
Hermes
Zeus
Dichters ensfh.

De deaden rinne úteinlik net efterút mar se rinne efter ús. Sy hawwe gjin longen en kinne net roppe mar soene graach wolle dat wy ús omdraaiden. Sy binne slachtoffers fan 'e leafde



---

mar út de deaden wei besjoen, myn foarâlden kinne my net sjen. Ut de libjenden wei besjoen, ik kin dy deade minsken net sjen, oars as op foto's. Ast ienkear ien mei de ierde west hast is dat ûnomkearber, sa't it liket, dêrom sjoch ik. De wrâld is sa rommelich dat ik der ôflaat hieltyd wer nei sjen moat.

Moeting mei de foarâlden, Koart wat feiten

Evelina Palmer wie in Amerikaanske erfgenamte dy't obsedearre wie troch de âlde Grieken. In fers, in faas, in liet — as der in dûkje yn siet, of der miste wat, dan ynspirearre har dat. Angelos Sikelianos wie in dichter dy't obsedearre wie troch it âlde Grikelân likegoed as troch de Griken fan syn tiid. Hy wie der wis fan dat er it rûzjen fan it eigen bloed yn it roppen fan 'e sikaden yn 'e beammen hearde, en it lûd iepenbiere brulloften tusken it ferline en de takomst, de muzen en de minsken. Dy twa wiene in grut part fan har libben in dream tawijd fan it hieljen fan nasjonale en psychyske wûnen. Tegearre hiene se in fyzje: nij libben blaze yn de âlde festivals en toanielstikken yn Delphi, it ferline streekrjocht ferbine mei de takomst — yn 'e hoop in petear op gong te bringen, miskien sels wrâldfrede.

Sy setten Glaukos oan, dy't as jongkeardel nei de Feriene Steaten ferhuze, en gau genôch ús heit oansette.

Tsjin de tiid dat ik berne waard, wie sa't it like in hiele slompe jild útjûn, alle famyljebesit fuort. Us heit rekke oan 'e heroïne en hie gjin dak mear boppe de holle. Dêr wie ik, in bern dat libbe yn wenweinen of omsweve yn it fjild neist ús huzeblok, biddele yn it park foar in flaubyt en suver sûnder aan fan dy fizjonêren. Op it húske lei in blomlêzing fan gedichten fan ús oerpake, oerset yn it Ingelsk. Dat wie it wol sawat.

Us oerbeppe rûn yn 't ferline om en hold har dwaande mei stikken spul. Sy realisearre har of net dat der yn 'e takomst mear stikken gean soe.

Συντρίμμι [transliteraasje: syntrimmi]:
1. harsenskodding of totale ferbrizeling (letterlik, konkreet), d.w.s. folsleine ûndergong — ferneatiging.

Yn *Thayer's Greek Lexicon:*
1. dat wat stikken of oan gruzeleminten is, in breuk: … fan in brutsen earm of skonk.
2. pún, wrakstikken, rommel

Alles wat ik hie fan ús oerpake en oerbeppe wie in bulte rommel. Losse feiten. Ferhalen fan frjemden. Biten en brokken. Triedden dy't nearne hinne laten, dy't sa yn 'e tiis sieten dat ik net mear as in fingerlingte folgje koe foar't se yn 'e tiis rekken of troch ien of oar needlot trochknipt waarden op it momint dat it paad helder waard en ik mei de tried yn 'e hân begûn te rinnen. Foar- of efterút? De geast wrakselet om de struktuer fêst te hâlden, de mûle lit de tried fan 'e spraak los. En as wy sa ferfrissele binne yn ferbannen, sa betize sitte yn wat misgien is, dan bliuwe wy efter mei in rommeltsje. Dat wurdt ek wol in labyrint neamd.

"weefsels lûke útinoar ast net mei soarch wevest"
—Sheila Hicks

Wat gesicht dreamde ik fol
of leech fan
wilich fruit, in apel
op in skraach
kanteljend seach ik
it wankeljen, in wrâld
op syn as Wat
sei ik, wat
hawwe wy dwaan kinnen
om dizze libbene
beammen
te bewarjen foar omfallen

in reis nei de hel
It gesicht fol
fan dier

foarâlder.
De wrâld
is lêzen en wer
lêzen, stien foar
stien, atoom
foar atoom, tried
foar tried Lês seit de bij
besykje gewoan
om my te lêzen

Rehearsal



"De goaden komme!" rôp immen en swaaide mei in stôk yn 'e loft. De rook fan wylde time and aluminiumerts hong leech yn 'e loft. Nimmen wist hoe't it heger yn 'e loft roek, mar se retten der graach nei. As skjinne kalk. As rein dy't nea op 'e stiennen delkomt. As de goaden, mar net alhiel sa lekker. As de himel, mar dan minder. As de ferburgen roas fan in nukleêre oarloch. As sean fleis.

Tsjin rotsige kliffen oan nestele, úthoud yn 'e bûk fan 'e heuvel, wie it plak. In gerzich, ierden skûlliif dat him iepen ûnder de kliffen útstrekte. Minsken koene dêr oer de goaden en harrensels neitinke en oer berne wurde en stjerre, en op 'e nij berne wurde, liif nei liif, finger nei finger, geast nei geast. De lucht streake de earms en skonken en de earms en skonken beweegden en de mûlen praten.

as wie der in lyts amfiteäter yn alle mûlen dat iepengiet en lieten nei bûten song.

Hear fan smeekjende hannen

Sjoch del op ús swalkjende ploech
Oarloch en wyn en gjin-wetter dreau ús
Troch driuwsân dêrwei

Wêr is dêr?

Dêr is wêr't rivieren nea yn 'e oseanen útkomme
Dêr't woestinen reitsje oan grien lân
Dêr't heiten as fearren ôfdriuwe

En dan wurde de stimmen stil. Doarren geane ticht. Der is in ierdskodding. Fandalen naaie út.

Hoe kinne wy de goaden befrije fan har ûnkrektheden? De heiten fan har fouten? De memmen fan har tekoartsjitten?

Der is ljocht, dat de stiennen skrobbet. En tsjuster is der ek, dat de bonken remineralisearret. Yn 'e sprankeljende mûle fan it tsjuster komt in soarte fan skaad te hingjen om it bondele ljocht fan it wêzen.

Metoaden fan oerdracht: it lêzen fan 'e tekens

Hjir haw ik west, lang fiksearre op de wetters fan 'e famyljeskiednis. Ik seach yn 'e djippe boarne foar in teken. Smyt in stien yn in bak mei floeistof en sjoch wat de ringen sizze. Jit oalje oer in panne dy't yn wetter omspield is en wurkje de draaiïngen út.

Wat wetter, en in protte fan it ferline, komt út 'e loft, in ekspânsje dy't ek de takomst ynhat. De Griken begriepen dat stjerren "ierde-eftige koallen dy't ta jiske ferbrânden" wiene, mar ferbûnen se har oan watfoar soarte fan tiid dan ek? Geasten, dy't gewoanlik oanwêzich binne omdat se fêsthâlde oan 'e tiid, kinne miskien wat dingen foar jin dwaan as men wit hoe't men it freegje moat, mar foar de Griken wiene de geasten nea geweldige ynformanten. Hoe nuttich oft in geast ek wêze kin, de deaden hawwe measTentiids in libben persoan nedich om *harren* it nijs te bringen.

Hjir bin ik, yn in spûkhûs.

Ik wie ien fan dy minsken dy't troch de jierren de foarâlden ferlern hie en der wiene grutte kleauwen tusken ús. Ik haw al dizze oeren bestege oan it sjen nei in frou dy't mear as tsien jier foar't ik berne waard ferstoar. Guon minsken sykje tusken lichems, guon tusken de geasten. Guon minsken moatte op 'e boaiem fan 'e see sykje, guon tusken de papieren en âlde tsjokke boeken. Guon minsken sykje tusken de ferhalen. Oaren tusken de stiennen.

Ik haw it hast allegearre wol besocht.

De repetysje is by it opkommen fan 'e sinne. De oere dy't stadich oer de ierde skoot, sûnder mis, him nei de sinne draait, sadat op elk momint fan elke dei, der in plak op de planeet is dêr't mei fûgelsang it earste ljocht begroete wurdt. De skimeroere, wannear't dy bisten dy't tusken ljochtsônen libje, jeie, slûpe, krûpe. Net de bisten dy't inkeld yn 'e nacht aktyf binne, net dy't inkeld deis aktyf binne. It knierjende, de skimertiden. De rituele oere fan doarren dy't iepengean en doarren dy't tichtgean. Kerrelige skaden dy't flikkerje. As de foarmen fan ljocht en gjin ljocht gearkomme. De froulju byinoar komme om it te begroetsjen. Sy klappe yn 'e hannen en bewege de fuotten op it paad dat foar harren lutsen wie troch it stof, dogge de mûle iepen, waarmje de kiel dêr't bisten harren nestelje en spinne, fertolkje it liet fan it koar. *Ah, ah.*

Alle moarnen dogge se op dizze wize mei oan it iepengean fan 'e wrâld. Sy dogge



Prometheus yn 'e boeien*, Delphi, 1930*



de repetysje is by it opkommen fan 'e sinne as wy witte wêr't de skaden falle sille

ienriedich de rjochter foet omheech en meitsje in flauwe hoeke yn 'e loft. Sy stappe tagelyk nei ûnderen, streakje de ierde as in gefoelige tromme. Dogge de lofterfoet omheech, bûge de rjochter knibbel en de hannen, noch yninoar, omheech, sjonge. Hagedissen en kninen kinne it berjocht lêze, omdat seismyske kommunikaasje in âlde modaliteit is. Mei-inoar skriuwe de dûnsers sirkels yn 'e smoargens en de loft.

Of de repetysje wie by it ûndergean fan 'e sinne, as men alle doarren tichtdocht.

Do stiest yn 'e doar tusken de sinne en de ierde. Do stiest yn 'e doar, as wy krekt begjinne te sjen. Tankewol, ljocht. Of wannear't dingen krekt har foarm begjinne te ferliezen. Goeie, ljocht. As de doarren iepen- en tichtgean, slûpt eat nei binnen of eat slûpt derút. Sitst der middenyn, of bist in tsjûge?

By it opkommen fan 'e sinne of it ûndergean, Koula rjochts, Eva lofts. Harren libbens wiene nea itselde.

Op in dei wurdst wekker en komst derefter datst net bist wa'tst tinkst datst bist. Hast dyn hiele libben besocht om derefter te kommen; it blykt dat elke ôfslach in ferkeardenien wie. Wjerkeatst. Ofbûgd. Earst wiest in bern sûnder mem, sûnder heit, letter in âlde frou sûnder mem, sûnder heit.

Us pake sei ris tsjin syn jonge omkesizzer, har âlden wiene in pear moanne fermist, dit, wylst se by in lytse beferzen fiver stiene en se gûlde: Harkje, Gabriëlla, op in bepaald momint yn dyn libben realisearrest dy datst hielendal allinnich bist.

Dat holp net.

Us pake wie in man sûnder heit, sûnder mem. Of net guon dy't him hearre koene. Hy wie in hiel rêstich bern, en doe wie er in hiel rêstige âldman.


Gabriella, dy't no âld is, seit dat as se in keamer ynkaam, sels as se him hiel lang net sjoen hie, wat ús pake sei, wie: "Ah. Gabriella. Ahh."

Mar nee, sa wie it hielendal net.

Wy binne feitlik fol minsken. Ik haw myn spegel jierrenlang oppoetst, en elk jier ferskine der mear bisten. Foarâlden dy't nei foaren ta krûpe út de skaden om in rikkerige slok fan it no te nimmen, se bringe har stil lûd mei. Kenne se dizze wrâld werom? Kenne se my werom?

En dizze foarâlder wie glêd as in iel, glied fan 'e iene ynkarnaasje nei de oare: de goede dochter; de debutante; de rike Amerikaanse yn Parys; de wylde lesbienne dy't seksfeesten arrangearre; de Muze; pseudo-Sappho klaaid yn wite tule; immen dy't op 'e flecht is en har korsetten en jurken ta it rút út smyt, kiest foar mei de hân weve tuniken yn 'e styl fan de âlde Griken; de obsessive teäterregisseur; de wize frou dy't wist hoe't de tsjintwurdige tiid mei it âlde ferline ferbûn wurde moast; dejinge dy't Delphi nij libben ynblies; de leafhawwende mar ôfwêzige mem; de rjochtsiker; de artyst op 'e swarte list; de yn-'e-bek-hinger; de jildferliezer; de beppe dy't har beppesizzer fertelde dat er syn roastere bôle mei de jam boppe ite moast (as leafhawwer fan frijheid mar net fan anargy); de âlde frou yn New York dy't ferlern omrûn; de fisjonêr; de ferbittere organisator dy't gjin fûnsen swylje koe of har paspoart net weromkrije koe fan it regear fan 'e Feriene Steaten; de âlde frou sûnder jild en sûnder plak om te wenjen.

Ik haw besocht om har te finen omdat it weefsel fan ús famylje oan flarden skuord en fersliten wie. Omdat ik opgroeide op itensbonnen mei drugsdealers en drugsferslaven dy't troch har dagen sketten as reedriders op it wetteroerflak dy't de djipte net fine kinne. Doe realisearre ik my dat der minsken wiene dy't echt wat *diene* neist drugs yn ús famylje, minsken oan wa't oare minsken yn oare lannen tochten, en ik woe harren fleis op 'e bonken jaan, lucht yn 'e longen blaze, harren wer bewege litte, harren echt meitsje



"ynienen hiene de ûnbeweechlike, skansearre stiennen oerbliuwsels dûnsjende fuotten"



Ahh.

— harren mines meitsje.

In dochter docht de doar iepen en foarby wat se sjen kin is de romte tsjuster — mar net leech. Ik begryp it. Der is gjin taastber ding dat my neilitten is. Gjin lân, gjin hûs, gjin itensiederspanne. Mar sels de lege gongen foarmje in paad dat my earne hinne liedt. Ik wol likefolle witte oer myn oare foarâlden, de baktearjen en fisken en hoe't ik fan harren ôfstam, mar op dit stuit bin ik hjir mei ús oerbeppe.

"Moatst net ophâlde mei my te sykjen," seit se.

Dat haw ik net. Ienris hearde ik in oar lûd. Dat lûd sei: "En ik dan?" It wie ús oerpake, dy't om oandacht rôp midden yn in lange, koartsige nacht. Sels no kin ik syn sinnige mûle sjen yn it tsjuster as in wiete blom dy't de foarmen fan 'e lûden makke: *E-N I-K D-A-N?*

It is dreech om syn lûd te hearren troch it stof fan 'e tiid. It is swak wurden troch alle dieltsjes fan 'e skiednis dy't yn ús atmosfear blaasd binne. Ik kin amperoan wat hearre troch it wazige laachje fan desennia en wiken en oeren hinne.

Hoe kin ik wat witte oer twa deade minsken dy't lang lyn bedobbe binne? Ik soe de bonken opgrave kinne, se ôfstofje, se oppoetse mei oliifoalje en in wite doek en harren prate litte.

Ik soe earst de bonken fine moatte.



it gesicht fan oerpake op in boad-skiptas



oerbeppe, klaaid as romeo hawwe se my ferteld



in âlde bikkel

ABOUT THE AUTHOR

Eleni Sikelianos is a poet, writer, collaborator, and "master of mixing genres." As a student of the poets of Naropa, she is a lineage-holder in the Outrider poetics family tree. Deeply engaged with ecopoetics, her work takes up urgent concerns of environmental precarity and ancestral work. She has published ten books of poetry (most recently, *Your Kingdom*, 2023) and a trilogy of unclassifiable hybrid works, sometimes called nonfiction, sometimes memoirs, sometimes fiction: *The Book of Jon* (2004) and *You Animal Machine* (2004), and, most recently, *Memory Rehearsal* (2026). Among other honors, she has been awarded two National Endowment for the Arts fellowships, a Fulbright Artists fellowship, and a New York Foundation for the Arts Award in nonfiction.

OVER DE SCHRIJVER

Eleni Sikelianos is dichter, schrijver, werkt samen met anderen en is "een meester in het mengen van genres." Als leerling van de Naropa-dichters, is ze een loot aan de boom van de Outrider-poëzie. Ze houdt zich intensief bezig met ecopoëzie, in haar werk gaat ze diep in op urgente zorgen betreffende de kwetsbaarheid van het milieu en op de levens van haar voorouders. Ze heeft tien dichtbundels gepubliceerd (meest recent, *Your Kingdom,* 2023) en een trilogie van niet te classificeren hybride werken, soms non-fictie genoemd, soms memoires, soms fictie: *The Book of Jon* (2004) en *You Animal Machine* (2004), en, meest recent, *Memory Rehearsal* (2026). Naast andere eerbetuigingen, heeft ze twee National Endowment for the Arts fellowships toegekend gekregen, een Fulbright Artists fellowship en een New York Foundation for the Arts Award in non-fictie.

OER DE SKRIUWER

Eleni Sikelianos is dichter, skriuwer, wurket gear mei oaren en is "in master yn it mingen fan sjenres." As learling fan de Naropa-dichters, is se in leat oan de beam fan de Outrider-poëzy. Se hâldt har yngeand dwaande mei ekopoëzy, yn har wurk giet se djip yn op urginte soargen oangeande de kwetsberens fan it miljeu en op de libbens fan har foarâlden. Sy hat tsien dichtbondels publisearre (meast resint, *Your Kingdom,* 2023) en in trilogy fan net te klassifisearjen hybride wurken, soms non-fiksje neamd, soms memoires, soms fiksje: *The Book of Jon* (2004) en *You Animal Machine* (2004), en, meast resint, *Memory Rehearsal* (2026). Njonken oar earbetoan, hat se twa National Endowment for the Arts fellowships takend krigen, in Fulbright Artists fellowship en in New York Foundation for the Arts Award yn non-fiksje.

ABOUT THE SERIES

Húshimmelje is a Frisian word that refers to the rituals of rearranging and cleaning the house. Unpacking boxes, organizing the basement, or tidying the kitchen before guests arrive. It asks one to revisit the past and reimagine a future. But what if instead of a single-family dwelling, the house here was a mirror of the lives it contains? What if people were houses? What if institutions and even nations were houses? What would be on their kitchen tables? What would be hidden in their basements? And what societal and political transformation would transpire from quotidian life changes both today and in the past?

Unpacking the House: The Library is a space for reimagining such rituals, and the intimacies they contain, by slowly collecting and commissioning texts at the intersection of art and literature. As part of Kunsthuis Syb's program, writers of different generations are invited to think these questions aloud—to unpack, and through this unpacking, to build a collective library.

The commissioned texts are developed in collaboration with editor Leah Whitman-Salkin and designer Sabo Day. New texts are regularly published trilingually in English, Dutch, and Frisian, and are made freely available as PDFs, as a way to widen accessibility and recall the nearly bygone *feuilleton* format of serialized distribution.

Authors include: Anne-Goaitske Breteler, Claire Fontaine, Brontez Purnell, Robert Glück, Eleni Sikelianos, Simon(e) van Saarloos

OVER DE SERIE

Húshimmelje is een Fries woord dat verwijst naar de rituelen van het schoonmaken en opnieuw een plek geven van dingen binnenshuis. Het uitpakken van dozen, het reorganiseren van het souterrain of het opruimen van de keuken voordat er gasten komen. Het vraagt van je dat je nadenkt over het verleden en ook over een mogelijke toekomst. Maar wat als het huis, in plaats van de woning van een gezin, een spiegel was van de levens die erin geleefd worden? Wat als mensen huizen waren? Wat als instituties en zelfs landen huizen waren? Wat zou er op de keukentafels liggen? Wat zou er verborgen zijn in de souterrains? En welke maatschappelijke en politieke transformatie zou er voortkomen uit de dagelijkse veranderingen in zowel hedendaagse levens als levens in het verleden?

Unpacking the House: The Library is een ruimte waar zulke rituelen en de intimiteit die ze bevatten opnieuw worden vormgegeven, door langzaam te verzamelen en opdrachten te geven voor het schrijven van nieuwe teksten op het snijvlak van kunst en literatuur. Als onderdeel van Kunsthuis Sybs programma zijn schrijvers van verschillende generaties uitgenodigd deze vragen hardop te denken – om uit te pakken en door dit uitpakken een collectieve bibliotheek te bouwen.

De teksten zijn ontstaan in samenwerking met redacteur Leah Whitman-Salkin en ontwerper Sabo Day. Nieuwe teksten worden met tussenpozen drietalig gepubliceerd in het Engels, Nederlands en Fries. Ze worden kosteloos aangeboden als pdf's, om ze breed toegankelijk te maken en het bijna vergeten *feuilleton*-format van verspreiding in series opnieuw vorm te geven.

Met bijdragen van: Anne-Goaitske Breteler, Claire Fontaine, Brontez Purnell, Robert Glück, Eleni Sikelianos, Simon(e) van Saarloos

OER DE RIGE

'Húshimmelje' is in Frysk wurd dat ferwiist nei de rituelen fan it himmeljen en wer in plak jaan fan dingen yn 'e hûs. It útpakken fan doazen, it reorganisearjen fan it sûterrên of it opromjen fan 'e keuken foar't der gasten komme. It freget fan dy datst neitinkst oer it ferline en ek oer in mooglike takomst. Mar wat as it hûs, yn stee fan de wenning fan ien húshâlding, in spegel wie fan de libbens dy't deryn libbe wurde? Wat as minsken

huzen wiene? Wat as ynstitúsjes en sels lannen huzen wiene? Wat soe op ’e keukenstafels lizze? Wat soe ferburgen wêze yn ’e sûterrêns? En watfoar maatskiplike en politike transformaasje soe fuortkomme út de deistige feroaringen yn libbens fan hjoed-de-dei likegoed as fan dy yn it ferline?

Unpacking the House: The Library is in romte dêr’t sokke rituelen en de yntimiteit dy’t se ynhawwe op ’e nij foarmjûn wurde, troch stadich te sammeljen en opdrachten te jaan foar it skriuwen fan nije teksten op it snijflak fan keunst en literatuer. As ûnderdiel fan Keunsthûs Sybs programma binne skriuwers fan ferskillende generaasjes útnûge om dizze fragen lûdop te tinken – om út te pakken en troch dit útpakken in kollektive biblioteek te bouwen.

De teksten binne ûntwikkele yn gearwurking mei redakteur Leah Whitman-Salkin en ûntwerper Sabo Day. Nije teksten wurde mei tuskenskoften trijetalich publisearre yn it Ingelsk, Nederlânsk en Frysk. Se wurde fergees oanbean as pdf’en, om se breed tagonklik te meitsjen en it hast fergetten *feuilleton*-format fan fersprieding yn rigen op ’e nij foarm te jaan.

Mei bydragen fan: Anne-Goaitske Breteler, Claire Fontaine, Brontez Purnell, Robert Glück, Eleni Sikelianos, Simon(e) van Saarloos


UNPACKING THE HOUSE: THE LIBRARY
Memory Rehearsal by Eleni Sikelianos

Translator/Vertaler/Oersetter: Janneke Spoelstra
Editors/Redactie/Redaksje: Arnisa Zeqo & Leah Whitman-Salkin
Graphic Design/Grafisch Ontwerp/Grafysk ûntwerp: Sabo Day, with/met/mei Augustinas Milkus
Graphic Design, original version / Grafisch Ontwerp, oorspronkelijke versie / Grafysk Ûntwerp Woarspronklike ferzje: HR Hegnauer

Excerpted from Eleni Sikelianos, *Memory Rehearsal* (City Lights, 2026).
Reproduced with permission by the author.
Fragment uit Eleni Sikeliano’s, *Memory Rehearsal* (City Lights, 2026).
Uitgegeven met toestemming van de auteur.
Fragmint út Eleni Sikeliano’s, *Memory Rehearsal* (City Lights, 2026).
Utjûn mei tastimming fan de auteur.

Kunsthuis Syb
Director/Directeur/Direkteur: Arnisa Zeqo
Project Leader/Projectleider/Projektlieder: Gisanne Hendriks
Communication/Communicatie/Kommunikaasje: Anna Lillioja
Interim Communication/Communicatie/Kommunikaasje: Titus Nouwens
Assistant Curator/Assistent Curator/Assistint Kurator: Fiadhira Rasyah
Curatorial Studies Intern/Stagiair/Stazjêr: Emily O’Brien
Graphic Design/Grafisch Ontwerp/Grafysk Ûntwerp: Sabo Day, with/met/mei Augustinas Milkus
With thanks to/Met dank aan/Mei tank oan: Alice Conforti

Supported by/Met steun van/Mei stipe fan:
Mondriaan Fonds
Provinsje Fryslân



mondriaan fonds

Provinsje Fryslân